

IT FERHAAL ACHTER DE GENERAAL

De kofje wie op. Petra fan Fidesta brocht my nei de keamer fan mefrou Brouwer. Achter in tafel foar it rût siet in kwike mefrou yn in rolstoel. De tafel lei hielendal fol mei kranten, boeken, naaiguod en fan alles en noch wat.

We fûstken.

‘Hilarides?’ frege mefrou Brouwer. ‘Bekende namme.’

‘Hilarides is skriuwer,’ sei Petra.

‘Dêr kin ik jo fan!’

‘Dat is in moaie binnenkommer,’ sei ik.

‘Mefrou Brouwer mei graach lêze,’ ferklearre Petra it feit dat mefrou Brouwer my fan namme koe.

‘Ik sit krekt yn ‘De oarloch fan Jan... hoe hyt er ek hast al wer...?’

‘Jan Snip?’ sei ik.

‘Jawis, De oarloch fan Jan Snip.’

‘It boekewikegeskink fan Ferdinand de Jong,’ sei ik.

‘Dyselde,’ sei mefrou Brouwer. ‘No jong, sykje mar in plakje. Ja, it leit aardich fol. Ik ha de kompjûter yn de sliepkeamer. Dy koe der net mear by.’

Mefrou Brouwer komt út De Westerein. Har pake fan memmekant wie dêr skuonmakker. Hy kaam fan oarsprong út Ljouwert. De famkesnamme fan mefrou Brouwer is Stamhuis. Dy namme komt út Drinte. Har heit wie hikke en tein yn Beetstersweach. Hy siet yn de kost yn De Westerein, yn de Foarstrjitte, en dêr wenne mefrou Brouwer har mem ek.

‘Mar se hawwe mekoar moete op ‘e iisbaan,’ fertelt mefrou Brouwer. ‘En doe binne se yn De Westereen weinjen gong. Dêr binne wy geboaren.’

Mefrou Brouwer is op 24 septimber fan it jier 1938 geboaren. Har heit wie fersekeringsman. Se hat in broer dy’t in jier âlder is. Dêr hat se noch altyd goed kontakt mei. Dan binne der noch in broer en suster yn de oarloch geboaren en in famke yn 1951. Net ien wennet yn De Westerein.

Mefrou Brouwer hat de oarloch goed meimakke.

‘Wy hienen twa ûnderdûkers: Beppe en tante Jo. Ik wist net better as dat wienen Beppe en tante Jo. En der rûn wol ris faker ien yn en út. Dat wie gewoan. It gekke is, ik lêse no dat boek *De oarloch fan Jan Huppeldepup*.’

‘Jan Snip,’ sis ik.’

‘Jan Snip, en dan lêse ik oer dat fertsjusterjen. Ik wit noch dat wy dat hienen. In kear waard op it rût kloppe, der wie ljocht te sjen. Sjoch, dat mocht net. En ik wit ek noch dat der in razzia wie. Dêr ha wy wol sá om lake. Ja, ik wie sa’n famke. Doe sei myn mem: “Moatst lústerje,” sei se. “Dû moatst even nei oom en tante gean.” En dan mocht ik oer it lân. Dat mocht oars net lije, mar dat mocht no wol. Dan gie ik oer it sleatsje en dan wie ik by oom en tante. En dan moatsto sizze: razzia. Wat moatst no sizze? Razzia. No, dat wurdt hie ik noch nooit heard. Dat hat mem my wol trije kear foarsein. Dus doe gie ik dêrhinne en doe sei ik: “Tante, ik moat sizze ‘razzia,’ sei mam. En dat die ik. Want ja, dy hienen in Joadsk famke. En doe moast ik drekst wer

thúskomme. En ik wit noch, ik kaam thús en dêr seach ik twa Dútske soldaten. Ien stie healweis de trep en doe gie er wer werom. En ús ûnderdûkers leinen boppe te sliepen. Mar der wienen safolle Dútsers op 'e wei, pap en mam koenen de Joadske ûnderdûkers net mear ferside bringe.'

Letter dûkt har heit ûnder. Hy wie by it ferset belutsen. Mefrou Brouwer kaam as famke in kear thús en doe wie har heit ynienen yn 'e keuken. Mem sei: 'Gean mar moai te boartsjen, famke. Moatst tsjin net ien sizze dat 'pap' thús west hat.' Dat 'pap en mam' wie noch in erfenis fan pake en beppe. Dy kamen út Ljouwert en praten stedsk. Mefrou Brouwer moast sizze dat har 'pappe' yn Drinte wie te skeppen.

Mefrou Brouwer is echt grifformeard opgroeid. Har heit hat altyd yn it bankje sitten. Hy wie earst diaken en letter âlderling. Mar hy wie romtinkend. Want krekt yn dy tiid kaam in boek fan Gerard Reve út. Dat wie Sodom en Gomorra, fansels.

'Wy lêden thús graach,' seit mefrou Brouwer. 'Op sneintejûn lêde papa dat boek fan Reve. En doe frege ik: "Lêst papa dat?" "Ja," hy sei, "ik sil dochs witte moatte wat ik myn bern ferbiede moat?"'

Mefrou Brouwer hat it boek doe net lêzen, letter wol. Se hat altyd lêzen. Yn har jeugd gie se nei de biblioteek om boeken te heljen foar har heit en mem. De boeken stienen yn in wenkeamer en letter yn de konsistoarje fan de Herfoarme tsjerke.

It libben fan doe spile him ôf op it doarp. Ljouwert wie in ein fuort. De bern gienen op fakânsje nei de omkes en muoikes. Op it fytske, in rieten mandsje achterop, en dêr gie it hinne.

Nei de legere skoalle gie mefrou Brouwer nei de MULO yn Bûtenpost. Doe kaam se op kantoar by de Rotterdamse Bank. Dy siet yn Ljouwert op de Wirdumerdyk. Mar mefrou Brouwer woe yn de ferpleging. Se is se dêr mei santjin jier yn kommen. Yntern hat se de diploma's – it Wite Krús – en de kreamoantekening helle.

Se woe graach yn Suriname wurkje, mar doe trof se har man.

'Spitigernôch bin ik nei sân jier skieden,' seit se oer har houlik. 'Ik fyn it net dreech om dêr wat oer te sizzen, mar ik wol net ien swart meitsje. Mar doe wie ik wol kostgonger mei myn twa bern Werner en Derk.'

Wy sitte no yn it jier 1969. Mefrou Brouwer kriich wurk by de 'gezinsverzorging' as liedingjouwende. Under wurktiid folge se in oplieding. De mbû en in hbû-oplieding hat se foar in grut part op sneon dien. Doe hie se de Sociale Academie. Dêrneist moast se har bern grutbringe.

Op in stuit waard se haad liedingjouwende. Se woe har bern graach har nije kantoar sjen litte. Dat sy mei de bern derhinne.

'En doe sei de jongste,' fertelt mefrou Brouwer, 'hy sei: "Wurket mem dan net mear op it selde kantoar?" Ik sei: "Nee, leave." En hy sjocht my oan en hy seit: "Dat heb jij nooit overlegd!" Ik sei: "Nee." "Dat vind ik een rotstreek!" Hy stampte mei it lytse poatsje op 'e grûn en hy sei: "Wij zouden alles overleggen! En jij hebt het niet overlegd!" Ik sei: "Je hebt gelijk, ik heb het niet overlegd." En doe sei myn âldste: "Wat kan jou dat schelen, Derk, dan krijgen we wat meer zakgeld." "Ik hoef geen zakgeld meer," sei de jongste, "Mam heeft het niet overlegd!" Ik sei: "Hast gelyk,

leave, dat ha ik net dien. Dat is dom.” Mar letter wie it wol wer goed.’

Under it iten komt har soan Derk der yn. Hy is even by mem op besite. Derk nimt it petear drekst oer. Hy hat deselde eagen as syn mem en kin it ek like goed pratende hâlde. En hy hat kenlik wat fan it politike fjoer fan syn pake urven, want it petear giet fuortendalik oer de polityk, de regeljouwing, de boeren, de 190 euro enerzjy-taslach, ensafuorthinne.

‘Wy tinke der oer om nei Portugal te ferhúzjen,’ seit er. ‘Miskien hie ik yndertiid wol yn Kanada bliuwe moatten.’

Mefrou Brouwer wol wat sizze. Mar Derk moannet syn mem om te iten.

‘De kroket wurdt kâld. Witst wol hoe’t ik har neam?’ seit er en sjocht my sawat oan. ‘De generaal.’

Hy seit it mei in protte leafde yn de stim. Ik sis neat. En Derk ek net. Wy litte it sa.

Middeis ha ik wer mei mefrou Brouwer ôfptraat. Ik ha ien belangrike fraach. Hoe is mefrou Brouwer oan de bynamme ‘De generaal’ kommen?

‘Dat is in koosnamke fan him,’ seit mefrou Brouwer. ‘Ien frege Derk ris in kear wat dat mei jild út te stean hie. En doe sei er, hy sei: “Dat wit ik net, mar dat wit ús generaal wol.” Dat kloppet, ik doch myn eigen jildsaken. Ik doch alles sels. Ik ha ek sels regele om yn dizze wente te kommen. Myn jonges wisten fan neat. Se wisten net iens dat ik minder waard. Dat ik sei op in kear: “Ik sil ferhúzje.” “Wêrhinne?” fregen se, “de himel?” “Nee,” sei ik, “nei Stiens. It Stienzerhiem. Ik ha de papieren al ynfold.”’

De jonges koenen net helpe. De iene soe syn soan ferhúzje, de oare siet yn Spanje. Sadwaande is de namme ‘De zelfregelaar’ of ‘De generaal’ ûntstien. Oare minsken oerlizze mei harren man. Mar in man hie mefrou Brouwer net. En de bern seinen altyd, ja, mar mem moat sels kieze. Dus moast se altyd alles sels regelje.

Achter dy namme ‘De generaal’ sit in ferhaal. It beslút om te skieden hat dapper west. It is altyd moedich om sa’n kar te meitsjen, mar al hielendal yn de tiid dêr’t mefrou Brouwer dat beslút naam. In soad minsken ha dêr kommentaar op hân. Se moast tsjin de wil en it liuwen fan de omjouwing yn, en dat hat in soad pine dien. Mar pappe en mam hawwe altyd achter mefrou Brouwer stien. Dy kar hat lykwols wol betsjut dat mefrou Brouwer wurden is sa’t se wurden is, dat se wend is om harsels te rêden.

‘Der spilen ek noch oare dingen mei,’ seit mefrou Brouwer. ‘Earsten je eigen karakter. Ik wie net ien dy’t yn ’e hoeke sitten gie te gûlen. En je binne net fan de iene op de oare dei skieden. Ik ha goed oer dy konsekwinsjes neitinke kinnen. Ik ha de oansetter west, mar ik ha altyd tsjin de jonges sein: “Ik fyn it slimste fan dat ik skieden bin, dat ik jim heit ôfnommen ha. Dat hat noait de bedoeling west. Ik hie sa graach wollen dat jim in heit hân hienen. Dat ha ik jim ôfpakt. Jim hawwe net opgroeie kinnen yn in húshâlding mei in heit en in mem. Ik ha kieze moatten. En ik ha foar mysels keazen. Dat betsjutte dat ik kostwinner wêze moast. Mar ik fiede al in stikje skuld. En dan seinen myn soannen: “Dat moat mem net dwaan.” Mar dat die ik al. Want dat fiede my sa. Dat meie jo wol witte.’

It kontakt tusken de soannen en harren heit is foar syn dea ta stân kaam. Brouwer waard siik. Beide jonges wienen der by doe't harren heit stoarn is. Dêr is mefrou Brouwer hiel bliid om, want it wie dochs harren heit. As er earder stoarn west hie, hie der neat mear te bepraten west.

'Sa rint it libben soms oars as dat je tinke.'

Hein Jaap Hilarides, novimber 2022